

Cultuur

Film

Media

Boeken

Theater

Muziek

Beeldende

kunst

Agenda



Deadebetinking

De ôfrûne wike betochten wy de oarlochsslachtoffers en fierden guon fan ús de frijheid. Twa saken dêr't fan ferskate kanten tsjinoan sjoen wurde kin en dy't troch de stân fan saken yn Oekraïne aktueler fiele as dat se yn jierren west hawwe. 'De deadebetinking hat in blau-giel rânstje', sa stie wansdei yn dizze krante te lêzen. Fansels spilet de oarloch dy't no geande is en dy't foar ús gefoel wol hiel tichtby komt, in rol yn hoe't wy dy betinking belibbe hawwe. Mei flechtlingen dy't foarearst in plak yn ús provinsje fûn hawwe. Mei de deistige stream fan ferhalen en bylden út Oekraïne dy't it nijs behearskje. Nederlân liet massaal sjen en hearre hoe begien it is mei de situaasje. De Nasjonale Deadebetinking feroaret al sa lang as dy bestiet. Neffens it ferantwurdlike komitee betinke wy op 4 maaie de Nederlânske oarlochsslachtoffers. De earste offisjele betinking wie yn 1947 en jo kinne it leauwe as net, mar it gie inkeld om Nederlânske militêren, seelju en fersetsstriders, en alliearde militêren, dy't foar de befrijing fan ús heitelân fallen wiene. Oer Holocaust-slachtoffers waard net praat. Foar Joadske, Roma- en Sinti-ferfolgings-slachtoffers wiene gjin monuminten, wie gjin betinking, wiene gjin oarlochspensjoenen. Nederlân sloech himsels op it boarst as fersetsnaasje, slute dêrby foar it gemak de eagen foar it feit dat it tal fersetsstriders gâns lytser wie as it tal kollaborateurs. Der wie noch gjin romte foar it besef, it erkennen en it belieden fan skuld oan de ferfolging en it fermordzjen fan safolle lângenoaten.

“Betink net inkeld wat west hat

De betinking feroare wol. Gie it earst allinnich om de Twadde Wrâldoarloch, stadichoan waard dat útwreide. Ek de Nederlânske slachtoffers fan de aksjes yn Yndonezië en Korea waarden tenei betocht. En sûnt 1961 jildt dat foar alle Nederlânske soldaten dy't wêr ek op 'e wrâld by in misje omkommen binne. It soe doe noch fiif jier duorje ear't der yn it offisjele memorandum fan it nasjonaal betinkingskomitee eksplisite erkenning kaam foar de Holocaust. Soene wy net each hawwe moatte foar alle slachtoffers fan alle oarloggen? Om te begjinnen by de Twadde Wrâldoarloch: de oarspronklike bewenners fan Nederlânsk-Ynje dy't ûnder de Japanske besetting omkamen, sa'n 3 miljoen sa wurdt rûsd, sille einlik erkend wurde. It komitee telde altyd allinnich de sawat 20.000 Europeanen en Indo-Europeanen dy't doe omkamen. Dêrmei bleau de âlde *apartheid* yn stân en waarden de oarspronklike, lânseigen ynwenners krekt as destiids fuortset as twadderangs boargers en net teld. Foar harren is der no lang om let erkenning. Mar dat jildt net foar al dy slachtoffers fan al dy oare oarloggen, as se no al as net har libben litten hawwe troch Nederlânske ynminging. Faaks bringt 2022 feroaring, no't wy Oekraynske flechtlingen yn ús midden hawwe, en wurdt der lûdop sein dat wy in rom hert hawwe moatte foar alle oarlochsflechtlingen. Betinke wy dat der yn kamp Moria noch in hiel soad minsken ûnder jammerdearlike omstannichheden ferbliuwe om't net ien fan al dy Europeeske lidsteaten harren opnimme wol, krekt sa't se yn de jierren tritich de Joadske flechtlingen leaver bûten de doar holden. Sjogge wy ticht by hûs dy stumpers yn it WTC yn Ljouwert, dêr't ek nei in heal jier noch gjin útsjoch foar is dat se in minskliker plak krije as dy pear skutten dêr't se tusken sitte. Betink op 4 maaie net inkeld wat west hat, mar ek wat is. Allinnich dan bist klear foar wat komt.

martsjedejong@gmail.com



'Under Wett

De lokaasje-foarstelling *Under Wett* fan Tryater giet oer grutte tema's: klimaatferoaring, mienskip, foarútgong, de takomst fan de iisbaankultuer, en wat joust troch? Tsjin in prachtdekôr.

Tekst Jacob Haagsma
Foto's Hoge Noorden/
Jaap Schaaf

By in foarstelling oer in iisbaan treft it net sa min, mar it is kâld dizze dei. Dochs wurdt der fansels gewoan repetearre, op de iisbaan fan Wergea. „Ga maar zitten”, seit immen fan de produksje, „de stoeltjes hebben stoelverwarming.” Grapke. Der binne oars aardich wat stuoltjes: 624 om krekt te wêzen. De iisbaan is grut en dus is it spylflak ek grut. Dat komt goed út, sa docht bliken by dizze repetyasje, dêr't omraak draafd, fytst, fochten wurdt.

„Er is één ding met deze scène aan de hand”, ropt Tatiana Pratley, regisseur, troch in mikrofoan. „En dat is: gas geven. Gas met die handel. Een bak energie, de urgentie moet eraf knallen. Jullie moeten het publiek altijd een stap voor zijn, ze overrompelen.” It ferhaal spilet him ek ôf op in iisbaan. It giet oer it plak dy't dy ynnimt yn de mienskip fan it doarp, de takomst dêrfan yn in opwaarmjende tiid en de wrakselingen dy't de mienskip dan ferskuorre. Yn it ferhaal heart dizze iisbaan by de boerepleats fan Afke, spile troch Tamara Schoppert, dy't fan har finansjeel adviseur ynflústere kriget dat it foar it behâld fan har boerebedriuw de baas is en ferkeapje dat terrein, om dêr huzen delsette te litten – enerzijneutraal fansels.

ORANJEKOEKE

„Wat zijn dat ook een stelletje chauvinistische tering-Friezen bij mekaar, met hun valse sentiment!” Sa foeteret dizze Dennis (spile troch Rogier in 't Hout). Sjoehris, dêr ha wy al it grutte konflikt yn dizze foarstelling. Der komt oranjekeoke oan te pas, mar ek in joint, as Afke op in 'koeke en zopie'-hokjes sit en har inerlike ûnrêst de baas besiket te wurden. „Hoefolle hat mem der wol net yndien!”, ropt har soan, lûd hoastjend. Har heit, of leaver: syn geast (hy is eins al dea) sjocht op de eftergrûn ta.

Dy 'koeke en zopie'-tinte is basearre op de geboutsjes dy't by iisbanen rûnom yn de provinsje steane, mar wol spesjaal neiboud – it gefal kin ek oer it fjild bewege, op tsjillen, sa sil bliken dwaan. Ek de muzikanten, ûnder wa seis trom-

boanisten, fine hjir harren plak, en de dûnsers fan Ivgi & Greben. Deryn, efter it lûk, of derop.

„Dy bylden ha'k allegear al foar eagen”, seit Pratley, „by it ûntwikkeljen fan it skript.” Dat hat ek alles te krijen mei de skaal fan dit spylfjild. „It moat allegearre hiel grut en helder wêze. Dúdlike sinjalen sis mar.”

It team fan Tryater hat wol santich iisbanen besjoen. Mar dizze, oan de râne fan Wergea, dizze moast it wurde. „Hy moast by de doarpsrâne lizze, hy moast grut wêze, der moast in pleats by lizze”, seit Tatiana Pratley. „Dit hat it allegearre.”

Dy pleats hat syn plak yn it ferhaal, en de famylje Vink dy't dêr wennet lit it graach barre: „Se sieten lêsten op lisstuollen nei de repetyasje te sjen”, seit Tamara Schoppert.

IN GRUT KADO

„Dit is echt in bytsje Fryslân fan boppen”, seit Pratley as wy útsjogge op it dekôr. It is sa: kij, in tsjerketoer, dy pleats, in tankauto, in nijere pleats fierderop, de autodyk yn de fierte, in nijbouwyk (hoe tapaslik), it Van der Valk-hotel, de skyline fan Ljouwert. In dekôr út tûzenen, gratis byleverde: in grut kado fan it fenomeen lokaasje-ater. Lykas de hoanne fan de pleats op de eftergrûn, dy't sa no en dan, mei in gouden timing, fan him hearre lit. It bist hjit Napoleon.

Repetearje yn de studio is ien ding, it is hiel wat oars om dat op it plak sels te dwaan. En dan, seit Tatiana Pratley, sjocht it der no



ter': wat joust troch?



noch folle kealer út as aanst by de útfiering, as de dûnsers, de muzikanten, de figuranten der ek noch ris by komme en noch mear lagen opbouwe.

En dan binne der noch de effekten, om it ferline en de takomst út te byldzjen. De iisflinter fan doe, mei in fermimstige doekkonstruksje, en it wetterpeil fan de takomst, mei mist-, ljocht- en lasertechnologie: op in soartgelikense wize as keunstner Daan Roosegaarde fjouwer jier lyn die op it Ljouwerter Zaailand.

FEROARING AS KANS

Dat iisbaantaferreel fan doe, dat is in oantinken fan de ferstoarne heit fan haadpersoan Afke. De dea ferhindert oars net dat dizze heit, spile troch Joop Wittermans, geregeldwei weromkomt yn it stik, ûnsichtber foar de oare personaazjes mar net foar it publyk, om kommentaar te jaan en filosofyen te spuien. Feroaring, bygelyks, is dat in kâns of krekt in behindering? Dêr hat er wol wat oer te sizzen. „Dy heit wie fyftich jier de foarsitter fan de iisklup, syn jiske is hjir útstruid. It wie echt syn plak, it heart echt by de grûn fan de boerefamylje.”

Hy is in soarte ingel yn it stik, immen dy't mear wit as de minsken. Pratley brûkt graach sa'n konstruksje: soks siet ek yn *Part-time paradise*, har suksesfolle Oerol-stik. Dy fynst komt eins út de film *Der Himmel über Berlin*, seit se. „It moaie is: sa kinst in oare diminsje, in filosofyske laach tafoegje.”

In wichtige fraach, yn dit stik en

yn de wrâld: wat joust troch? Oftewol: it idee fan *The Good Ancestor*, it boek fan filosoof Roman Krznaric. Pratley: „Dat sit hjir hiel bot yn. Afke dy't dy pleats fan har heit krigen hat, it is hiel wichtich foar har dat dat bliuwt. Dy iisbaan ek. Dat is de opdracht dy't se meikrigen hat. Mar se sit yn in spagaat. Hoe moat se har bedriuw no trochjaan oan har soan? Hoe moat dat no fierder?”

Afke seit it sels ek, yn wat miskien wol de kearn fan dit stik is: „Hoe niver as it is, it libben. Dat wy hjir in skoftke binne mei syn allen en dan wer fuort moatte. En yn de tuskentiid besikest sa goed mooglik om te gean mei dat watst krigen hast fan de minsken dy't foar ús binne en watst trochjoust oan de minsken dy't nei ús komme.”



Regisseur Tatiana Pratley met de choreografen Uri Ivgi en Johan Greben.

Sadwaande dat idee fan dy Hollanner Dennis, in bûtensteander, om de grûn fan dy iisbaan dan mar te ferkeapjen. Mei de bêste bedoelingen: hy is ek noch ris fereale op Afke, dy't dat net troch hat.

„Hij wil ook echt het beste voor haar en haar bedrijf”, seit Rogier in't Hout, dy't him spilet, „terwijl de familie heel erg aan deze plek gebonden is. Dat maakt het zo moeilijk.”

Tamara Schoppert, dy't ommers Afke spilet: „Wêr kies ik foar? Der is in ekonomyske kar, en hoe reagearet de mienskip dêrop? En dêr tsjinoer stiet noch de fraach: wat beslút de natuer te dwaan?”

Wat is it bêste? It is mei dy iisbaan allyksa as mei it klimaat. It hâldt Tatiana Pratley wol dwaande, alle nijs oer IPCC-rapporten en wat dy foarsizze – en it iis is it earste

dat deroan giet. „Dat sit ek yn it stik, dat wy net witte wat wy dwaan moatte. Wy sjogge dat it net goed giet mei de wrâld en mei it klimaat, alles giet de ferkearde kant út. Mar wat moatte wy dwaan? Wat kinne wy dwaan?”

STUNTELJENDE MINSKEN

Sa stiet dy iisbaan foar in soad, ek foar wat hiel gruts. Pratley: „En eltsenien hat syn eigen wize om dêr mei om te gean. Sa kriget it in werkenbere, minslke diminsje yn de personaazjes. En dat fyn ik hiel moai.” Mocht alles dan dochs nei de bliksem gean, dan is der oant dy tiid altyd noch de keunst.

As ik sis: iepenloftspul XL, wat seit Tatiana Pratley dan? „Lokaasjeteater. It is wol mei trekkers en quads en moaie opkomsten en effekten. Ik fyn it hearlik om nei iepenloftspullen te gean. It moaie is dat it fan eltsenien is. It is op ús plak, wêr't minsken libje, en dêrom is it fan ús allegearre.”

En dat is mei dit stik ek sa. „Fielst hjir it libben oan dy foarby lûken, de auto's en de boaten dy't foarbykomme.”

Yn de crew sitte minsken út Wergea sels, „en dy rekket it ek bot dat dingen oan it feroarjen binne.” Lykas de funksje fan dizze iisbaan, fan alle iisbanen. „En dochs binne der altyd noch minsken foar yn it spier. Dat is ek sa moai. It hert is der noch, mar it kin gjin kant op.”

Tamara Schoppert: „Wûnderlik genôch is dit stik ek noch hiel grappich en hilarysk. Stunteljende minsken, dat is it moaiste dat der is.”

ARCADIA

“Wat moatte wy dwaan? Wat kinne wy dwaan?”

Rogier in 't Hout as Dennis by de repetyasje fan *Under Wetter*: „Wat zijn dat ook een stelletje chauvinistische tering-Friezen bij mekaar, met hun valse sentiment!” Lofts Bettina Jurák en rjochts Christian Leveque en Gonny Gaakeer. Tamara Schoppert sit op it dak.



Under Wetter en Arcadia

De lokaasjefoarstelling *Under Wetter* fan Tryater is ûnderdiel fan *IIs*, it grutte 'mienskip-sproje' fan kultuermanifestaasje Arcadia. De ferbining op de iisbaan, as eltsenien op redens gelyk is, is it foarbyld foar in grut tal projekten. De útdagingen fan de klimaatkrisis, dy't de wille op de iisbanen faaks ûnmooglik makket, en de fraach wat noadich is om in 'goede foarâlder' te wêzen, spylje ek mei. By de projekten binne in festival op de iisbaan fan Aldegea (Súd-West), in muzykteaterstik foar brassband Crescendo en bern yn Warkum, in 'belibbingstocht' oer it ferhaal fan een ferûngelokte frachtwein mei giftich spul yn Tytsjerk en in tentoanstelling oer natuer en mienskip op de iisbaan fan Eastermar. Sjoch ek: arcadia.frl/projecten/iis

Lokaasjefoarstelling *Under Wetter* fan Tryater, 12-28 maaie en 28 juni-9 juli, iisbaan Wergea, 10-19 juni, Oerol op Skylge. Sjoch ek: tryater.nl